



1 Lyt - se kears, ik stek dy oan,
 want de tiid be - gjint
 fan fer - wach - ting en fan Ljocht,
 hjoed is it ad - vint.

Refrein



Sjoch mar foar - út nei wat kom - me sil.
 Sjoch nei it ljocht en hâld moed.
 Sjoch mar foar - út mei in fleu - rich ge - sicht.
 Aanst skynt it ljocht en it lib - ben wurdt licht.
 Dan is de ier - de goed.

- 2 Twadde kears, jou ús dyn ljocht
 yn 'e donk're tiid.
 't Feest fan ljocht komt tichterby
 en dat makket bliid.

Refrein

- 3 Tredde kears, do komst der by
 wer in kearske mear.
 Wat is dat in moai gesicht;
 ljochtsjes bringe sfear.

Refrein

4 Fjirde kears, do joust no ek
ljocht foar elkenien.
En wat God ús tasein hie,
hat er hjoed ek dien.
Refrein

5 Noch in kears, it feest begjint:
Krystfeest is it hjoed,
feest fan ljocht dat kommen is
en dat bliuwt, foargoed.

Refrein:

Sjogg' jimme_it ljocht yn dy lytse stâl?
Sjoch nei dat ljocht en hâld moed.
Sjoch mar foarút mei in fleurich gesicht.
Aanst skynt it ljocht en it libben wurdt licht.
Dan is de ierde goed.

tekst Greet Broeckerhof-van der Waa 'Kijk naar het licht'
oersetting Lyske Boersma
meldij Gerard van Amstel